



LETTER HOEKE

TREASOAR

Jiergong 20 | 2024 | Nûmer 2

Bysûndere kontenerfynst, nije beeldebank,
argyf Philippus Breuker, sjongende Gerrit Roorda
en ûndersyk nei bioskoopkultuer yn Fryslân

M. TVLII CCERONIS

LEIV SIVE DAMI

CTIA PREFATIO:



VIN
TVS
MVT
I VS
AVG
VR S
CE V
OLA

MVLTA NARRARE
DE C. LELIO SOCERO
SVO MEMORITERET
I VCUNDE SOLEBAT
NEC DVBITA
RE: I. L. L. V. M.



Paraphrasé de Cicero de la nature de l'homme, par J. B. ...

Hoogstraaten

Kleurrijk blad (handschrift 50 Hs) uit de collectie van Tresoar. Het bevat drie filosofische betogen van Marcus Tullius Cicero. Het vijftiende-eeuwse handschrift is gefotografeerd door de digital manuscript nomads. Lees er meer over op pagina 14 van dit nummer. (Foto KB, de nationale bibliotheek)

Tresoar krige mei de oanwinst fan brieven oan Coert Lambertus van Beyma (1753-1820) wat bysûnders yn hûs. Jorris Kingma ûndersocht wat dy korrespondinsje oer it libben fan dizze patriottestrider yn in rûzige tiid fertelt.

Mar leafst twa heechleararen, Philippus Breuker en Alderik Blom, komme yn dizze *Letterhoeke* oan it wurd oer it belang fan argyf foar ûndersyk. Yn syn rubryk skriuwt Riemer Janssen oer it argyf fan noch in oare



Philippus Breuker. (Foto Tjarda de Haan)

Tresoar kreeg met de aanwinst van brieven aan Coert Lambertus van Beyma (1753-1820) iets bijzonders in huis. Jorris Kingma onderzocht wat die correspondentie vertelt over het leven van deze patriottenstrijder in een roerige tijd.

Maar liefst twee hoogleraren, Philippus Breuker en Alderik Blom, komen in deze *Letterhoeke* aan het woord over het belang van archief voor onderzoek. In zijn rubriek schrijft Riemer Janssen over het archief van nog een andere professor, namelijk frisist Pieter Gerbenzon.

professor, nammentlik frisist Pieter Gerbenzon.

Twa rûnreizgjende froulju sette midsiuwske hânskriften op de foto, se dogge har ferhaal. En der is mear omtinken foar byld, want meikoarten komt de nije byldbank online. Noch mear digitalisearring: it grutste nasjonale oarlochsargyf is takom jier online beskikber. Yn novimber is dêr in byienkomst oer by Tresoar.



Alderik Blom. (Foto Haye Bijlstra)

Twee reizende vrouwen zetten middeleeuwse handschriften op de foto, ze doen hun verhaal. En er is meer aandacht voor beeld, want binnenkort komt de nieuwe beeldbank online. Nog meer digitalisering: het grootste nationale oorlogsarchief is volgend jaar online beschikbaar. In november is daar een bijeenkomst over bij Tresoar.

De Fellow van dit jaar, Nynke Roos Bruinsma, schrijft over haar onderzoek naar de bioscoopcultuur in Fryslân en met het nieuwe culturele seizoen voor de deur is



De Fellow fan dit jier, Nynke Roos Bruinsma, skriuwt oer har ûndersyk nei de bioskoopkultuer yn Fryslân en mei it nije kulturele seizoen foar de doar is yn dit nûmer fansels ek omtinken foar tal fan aktiviteiten.

Lês ûnder oare oer de start fan it nije kulturele seizoen yn Ljouwert en in symposium oer prof. dr. Fokke Sierksma. En yn de moanne oktober stiet alsdich skriuwer Eppie Dam sintraal mei tal fan aktiviteiten yn Frjentsjer. ■



Annelynn Koenders (links) en Janou Munnik. (Foto KB, de nationale bibliotheek)

er in dit nummer natuurlijk ook aandacht voor vele activiteiten. Lees onder andere over de start van het nieuwe culturele seizoen in Leeuwarden en een symposium over prof. dr. Fokke Sierksma. En in de maand oktober staat veelzijdig schrijver Eppie Dam centraal met vele activiteiten in Franeker. ■





17



21



28

- 6 Nijsgjirrige fynst smyt nij ljocht op Coert van Beyma**
Jorris Kingma
- 9 Nij kultureel seizoen fan start**
Janna Kootstra
- 10 'Ik wie benijd hoe't it eartiids wie'**
Neeltje Holtkamp en Marijke de Boer
- 12 Oer Alles – Eppie Dam**
Rolf H. Bremmer
- 13 Fokke Sierksma, bezeten bruggenbouwer**
Jan Gulmans
- 14 Meekijken met de digital manuscript nomads**
Janna Kootstra
- 17 Tresoar lanceert nieuwe beeldbank**
Annemieke Nienhuis
- 18 Spotlight op het archief: Biten en brokken: het archief van Pieter Gerbenzon**
Riemer Janssen
- 20 Op zoek naar verhalen over vluchtelingen en evacués**
Janna Kootstra
- 21 Grootste en meest geraadpleegde oorlogsarchief online**
Otto Kuipers
- 22 Fellow: Het begin van de bioscoopcultuur in Friesland**
Nynke Roos Bruinsma
- 24 Operaasje audio: It liet fan de stakingsbrekker**
Fedde Douwes Dijkstra
- 25 Maak kennis met de Klassieken en Buma**
Jacob Roep
- 26 Undersiker oan it wurd: Alderik Blom**
Marijke de Boer
- 28 Oanwinst: 'Dit mag je niet aan een ander laten lezen!'**
Meindert Reitsma
- 30 Nijs fan de Freonen**
- 31 Kolofon**
- 32 Aktiviteiten**

Nijsgjirrige fynst smyt nij ljocht op Coert van Beyma

Sa'n tweintich brieven, opfiske út in kontener en no skonken oan Tresoar, fertelle mear oer it libben fan patriottestrider Coert Lambertus van Beyma. Nijsgjirrich is dat se skreaun binne yn de perioade 1787-1793, in rûzige tiid foar Fryslân en Nederlân.

Coert Lambertus van Beyma (1753-1820) kaam út in Fryske amtnersfamylje. Hy hie ferskate reginte- en bestjoersfunksjes, mar is benammen ferneamd as de radikale foarman fan de Fryske patriotten dy't yn ferset kamen tsjin de steedhâlder Willem V (1748-1806). Lêstneamde waard beskuldige fan absolutistysk bestjoer en fan machtsmisbrûk.

De patriotten easken bestjoerlike herfoarmingen, mear sizzenkip foar de boargers en besochten op allerhanne wizen om de macht fan de steedhâlder werom te bringen. Sa rjochten in tal anty-steedhâlderlike leden fan de Fryske Steaten, wêrûnder Van Beyma, yn 1781 in 'geheim komitee' op om de opposysje tsjin de steedhâlder te organisearjen. Fierder wist Van

Beyma yn Fryslân de foarming fan folksmilysjes ta stân te bringen om tsjinwicht te bieden tsjin it Staatse leger, dat ûnder it befele fan de steedhâlder stie.

Yn de perioade fan 1780-1787 naam de ûnrêst yn de Republiek der Zeven Verenigde Nederlanden ta. Yn Fryslân fierde de hieltiten radikalere retoryk fan Van Beyma de temperatuer flink op. Boppedat soargen ynterne tsjinstellingen foar konflikten binnen de anty-steedhâlderlike opposysje. Yn augustus 1787 berikten de spanningen in hichtepunt doe't Van Beyma en inkelde oaren patriotske


De brieven oan Van Beyma binne by tafal fûn. (Foto Janna Kootstra)



steatedelen harren nei grutte politike opskuor weromlutsen yn Frjentsjer. Dêr rôpen se har út ta Steaten fan Fryslân en ferklearren de steategearkomste yn Ljouwert ûnwettich. In boargeroarloch like ûnûntkomber, mar troch militêr yngripen fan de Prusen moasten de patriotten útwike nei Noard-Frankryk, dêr't se fan ein 1787 oant 1795 yn ballingskip ferbleaunen. Yn dizze diaspora fan Fryske patriotten wie Van Beyma ien fan de haadfigueren.

Frânske Revolúsje

De brieven binne dus skreaun tsjin de eftergrûn fan de Frânske Revolúsje (dy't útbruts yn 1789) en fan de Earste Koälysjeoarloch (1792-1797), dy't tusken in grutte alliânsje fan Europeeske machten en revolúsjonêr Frankryk útfochten waard. De samling befettet in ferskaat oan brieven, fan syn heit, foaroansteande patriotten en ûnbekende adressanten. Yn de brieven skreaun troch heit Julius Matthijs van Beyma thoe Kingma wurdt ynearsten it nijs út de famyljesfear meidield, mar hy toant him ek belutsen by de patriotske saak en heit en soan besprekke de ynternasjonale polityk. Sa docht út in brief fan 13 jannewaris 1792 bliken dat heit goed op de hichte is fan de ûntjouwingen op it Europeesk toaniel. Boppedat liket er it net sa op te hawwen mei de Frânsen: 'De algemeene oorlog tegen Frankrijk schijnt wel op handen, maar misschien bedaart het nog; wij hebben meer zaaken op goede gronden verwacht, die anders uijkwaamen: indien de oorlog evenwel voortgaat, wensche ik er dezelve gevolgen van met U, dog ik kan niet met u wenschen, dat er de Fransche hoofden voordeel van hebben, zij verdienen niets goeds.'



len fan de brieven út de korrespondinsje. (Foto Janna Kootstra)

Beide hearen ynformearje ek in soad nei inoars wolwêzen. Heit hat wol wat advys paraat: 'Ik [ontving] tegen den avond de Uwe van 3 deezer [...], waar uijt wij wel Uw aller welstand vernaamen, maar ook dat gij door zintuigen geincommodeerd [geplaagd] weest: ik hoope, dat gij daar van haast verlost zult worden, en moogt bedenken, dat spek voor dergelijke ongemakken nadeelig is.'


Foaroansteande patriotten

By de samling sitte ek brieven fan foaroansteande patriotten yn ballingskip, lykas Pieter Breugeman, boargemaster fan Dokkum, Hoyte Zwanenburg en Hermanus Zacheaus Attama, reginten fan Snits en patriottelieders, Philippus Carolus Haagen, prokureur út Den Haag, Hayo Tuinhout, patriot en kapitein fan in frijkorps, Pieter Martensz, âld-offisier en Jan Surendonk van Hoey, dokter út Den Haag en ôffurdige fan de patriotten yn Versailles. Nijsgjirrich is ek in brief fan Barre Stapert, soan fan patriot en skipsbouwer Sjoerd Stapert út Lemmer, fan 11 maaie 1790 oer de 'Apologie' fan Van Beyma, wêryn't lêstneamde syn opfettingen en hanneljen yn de foargeande jierren tsjinoer

'die geene, die nog niet genoegzaam van de zuiverheid onzer oogmerken, en van de wettigheid onzer handelingen overtuigd zijn' rjochtfeardiget. De brief jout in moai ynsjoch yn de distribúsje fan dit ferwarskrift: '[Mij is] verzogt [...] om dat ik de namen dergene die van de vriesche Apologies besteld hebben aangetekend had, Uw dien aangaande te antwoorden, waar toe dient dat ik hier en te Amsterdam 26 exemplaren kan afleveren en wanneer er geen derzelve aan [Dionysius] Romar te Franequer gezonden zijn dan nog 6 [...], dus tezamen tweëëndertig, zijnde het meest die ik durf nemen. Misschien dat ik nog 10 zoude kunnen quit raaken. Dat egter onzeker is, en waar door er tog nog 38 zouden overblijven, het spijt mij dat er geen meerdel van getrokken worden [...].'



Coert Lambertus van Beyma.



Brief fan de heit fan Coert Lambertus van Beyma oan syn soan. (Foto Janna Kootstra)



Guon sluve wienen fersegele. (Foto Janna Kootstra)

Der sitte ek brieven tusken fan ûnbekende adressanten, dy't ûndertekenje mei T.T. ('totus tuus', oftewol 'geheel de uwe'). It is dreech om de ôfstjoerders te identifisearjen, mar it ferlykjen fan hânskriften smyt wol it ien en oar op. Yn it gefal fan in brief fan 27 oktober 1788 toant it hânskrift in soad oerienkomsten mei de hân fan Johannes Lambertus Huber. Dat docht bliken út ferliking mei korrespondinsje út in oar argyf fan brieven út deselde perioade. It is dus ferliedlik om oan te nimmen dat ek boppe- neamde brief ôfkomstich is fan Huber. Dizze foarname patriot wie ûnder oare de rjochterhân fan Van Beyma en fan 1792 ôf kommissaris fan it Frânske Frjemdlingelegioen, in frijkorps dêr't ek Nederlânske útwikelingen yn fertsjinwurdige wienen. Yn de bewuste brief klaget Huber, earder noch finansjeel saakkundige fan de Pretense Staten, oer

jildtekoarten wêrmei't er him 'waarachtig geen raad' wit.

Beklach

Almeast sprekt de ynhâld fan de brieven foar himsels. In moai foarbyld is in brief fan 13 oktober 1788, wêrút finansjele ûnienichheid blykt en wêryn't de nammeleaze ôfstjoerder by Van Beyma syn beklach docht oer de gong fan saken by it ôfhanneljen fan guon finansjele kwestjes. Yn de diaspora wie Van Beyma nammentlik ferantwurdlik foar de distribúsje fan de taslaggen dy't de bannelingen troch it Frânske regear tawiisd waarden. Dêrby waard him geregeld ûnbehoarlik, neilittich en partidich behear fan it te ferdielen jild ferwiten – wat der úteinlik ta late dat er út dizze funksje ûntslein waard. De bewuste brief liicht der net om: '[...] waarlijk, (gij zult mij dit moeten toestemmen, als gij de zaak bedaard bij U zelve nagaat)

het is Uw eigen schuld, en niet de mijnen; immers, gij weet, zoo wel als ik, dat ik, zodra wij te St. Omer [Noard-Frankryk] kwamen, in het laatst van Januarij en begin van Februarij, en vervolgens van tijd tot tijd, vast meer dan twintig maale U gevraagd heb, om te reekenen, om mij de 500 guldens te geeven [...] maar altijd helaas! vruchteloos; – en nu zegt gij, dat het mijnen schuld is [...] – dit vind ik onreedelijk, en zeer te onrecht gedaan [...].'

Guon brieven binne foar in part ûnlêsber troch wetterskea, skansearre troch papierfiskjes of ynkompleet. Fan alle brieven, al dan net mei help fan in loep of in UV-lampke, ha ik mei Riemer Janssen transkripsjes makke om de ynhâld tagonklikker te meitsjen foar fierder ûndersyk. Wa wit watfoar spannende saken noch mear yn dizze 'Groenendijk Kolleksje' te ûntdekkjen binne. ■

By tafal ûntdutsen

Neffens Leen Bal, de skinker fan de brieven, kocht syn buorman Henk Groenendijk, resjersjeur by de narkoatikabrigade, fanatyk bokser en amateur-histoarikus, it bondeltsje jierren lyn op in postsegelmerk yn Rotterdam. Neffens in taheakke notysje besocht Groenendijk yn 2008 de brieven oan ferskate erfgoedinstellingen te skinken, mar sûnder sukses. De samling bedarre dêrnei op souder. Nei

syn ferstjerren kamen de brieven wer boppe wetter, mar om't de neibestendants net wisten wat se dermei moasten, kamen se by it ôffal. As buorman Bal it net út it jiskefet rêden hie, hie it foargoed ferlern west. Bal hat de brieven oan it Nacionaal Archief yn Den Haag beskikber steld, mar dy fûn dat se better pasten yn de kolleksje fan Tresoar dêr't se opnommen wurde yn it argyf fan Van Beyma.

Nij kultureel seizoen fan start

Tresoar makket minsken entûsjast oer Fryske kultuer, en dat litte we elkenien graach sjen op 14 septimber by Uit in Huis – de iepening fan it nije kulturele seizoen yn Ljouwert. Elk is wolkom om te sjen, te hearren en te ûntdekkjen watst by Tresoar dwaan kinst.

Us kolleksje sit fol ferhalen oer Fryske literatuer, skiednis, taal en kultuer. Ferhalen dy't in antwurd jouwe op fragen as 'wêr komme we wei?' en 'hoe binne we feroare en wêrom?' We bewarje it ferline én lizze ferbiningen mei it no en de takomst.

Mei optredens fan Arjan Hut (Dichter fan Fryslân), Gabrielle Terpstra en winner fan de Fryske Poëzyslam Martsje de Jong genietest yn ús literêre Kafee De Gouden Leeuw fan de melodieuze klanken fan de Fryske taal. Giest leaver sels oan de slach, slút dan oan by in sessy Mei-inoar lêze of ried Friezen yn it spul Wa bin ik? of sykje Fryske plaatsjes by elkoar yn it memoryspul. Wolst fuort nei dyn roots sykje? Dan dochst der goed oan om by it Histoarysk Reisburo del te gean, dêr'tst op wei holpen wurdst mei de syktocht nei dyn ferline.

Arjan Hut, Martsje de Jong en Gabrielle Terpstra (f.l.n.r.) by de Fryske Poëzyslam, dy't ein juny wûn waard troch Martsje de Jong. Alle trije trede se op yn Kafee De Gouden Leeuw. (Foto Natalia Balanina)



Berneboeke-ambassadeur Tialda Hoogeveen lêst foar.

Hast dy altyd al ôffrege wêr't we ús kilometers oan argyfmaterial bewarje? Gean dan mei ien fan de rûnliedingen troch ús depots mei. Leaver eefkes bekomme fan alle besites oan kulturele ynstellingen yn Ljouwert? Jou dy del yn ús HistoBios, dêr't de film *Leeuwarden op Film* draait.

Jonge besikers binne ek fan herte wolkom. Berneboeke-ambassadeur Tialda Hoogeveen lêst foar út prachtige berneboeken. Foar kreativelingen fan 8-12 en 13-16 jier binne workshops Yllustrearje, fersoarge troch dosinten fan Kunstacademie Friesland.

Omdat Uit in Huis de iepening fan it nije kulturele seizoen is, ûntdektst op 14 septimber fansels ek watst de kommende moannen by Tresoar dwaan kinst: lêzingen en boekpresintaasjes bywenje, skriuwkursussen en workshops folge, hearlik lêze by de Silent Book Club, neam it mar op... Oant sjen!



Wat: Uit in Huis

Wêr: Tresoar

Wannear: sneon 14 septimber, 12.00-17.00 oere

'Ik wie benijd hoe't it eartiids wie'

Philippus Breuker hat tsientallen boeken en noch folle mear artikels op syn namme te stean. Dêr die de âld-heechlearaar Frysk in soad ûndersyk foar, ûnder oare yn de argiven fan Tresoar. No't er meikoarten 85 jier wurdt, is er syn eigen ûnbidich grutte argyf oan it oarderjen, om it stadichoan oer te dragen oan Tresoar.

Yn syn studearkeamer yn Boazum stean de boekekasten fol, fan de fier oan it plafond. Troch de jierren hat Breuker him mei ferskate ûnderwerpen út de skiednis fan de Fryske taal en kultuer dwaande hâlden. Boekekasten en in bedstee fol mappen befetsje wurk fan sa'n sechtich jier. 'Ik ha my spesjalisearre yn histoaryske letterkunde en skreaun oer wichtige Fryske skriuwers as Gysbert Japix, de bruorren Halbertsma en Obe Postma', fertelt Philippus Breuker (1939). 'Mar ek de skiednis fan myn wenplak ha ik yngeand bestudearre en beskreaun.'

De belangstelling foar regionale skiednis begûn doe't er as jonge man foar de klasse kaam. 'Ik wie benijd hoe't it eartiids wie.' Dy ynteresse waard noch sterker doe't er nei militêre tsjinst yn 1963 yn Boazum oan skoalle kaam. 'Ik krige goed kontakt mei in dokter yn it doarp dy't myn histoaryske belangstelling dield. Hy hie in grutte biblioteek. Oeren en oeren ha ik dêr yn de bedstee lêzen. Yn it begjin ha ik skriften fol skreaun. Op in stuit koest fotokopyen meitsje, mar dy waarden nei ferrin

fan tiid swart, dus dan koest der neat mear mei.'

Yn 1976 waard er by de Fryske Akademy oansteld as literatuermeiwurker. 'De earste fiif jier ha ik benammen trochbrocht yn de Provinsjale Biblioteek, foarrinner fan Tresoar. Dêr ha ik alle argiven, dêr't ik fan tocht dat der wat op it mêd fan letterkunde of skiednis te finen wie, systematysk trochnaam. Dat foarme de basis foar myn eigen samling sa't ik dy yn de rin fan de jierren opboud ha.'

Argyfûndersyk

Breuker fynt wiidweidich argyfûndersyk hiel wichtich. 'It betsjut datst net ophâldst by ien argyf, mar fierder graafst en yn oare argiven sikest. Dat is dus wat oars as in ferslach of in publikaasje op grûn fan ien argyfbestân. Mei sok breed ûndersyk krijt men mear materiaal om op himsels te ûnderstellen ferbannen of ferklearringen út te sluten. Brieven binne faak goeie boarnen. Se binne ynformatyf om't it oer de persoan giet en oer de aktualiteit fan dat momint. It plezier sit deryn om saken te ûntdekkjen dy't net ien earder sjoen hat of dêr't

net earder oer skreaun is.' Sa hat er it argyf fan de trije Grouster bruorren Halbertsma, dy't mei de *Rimen en Teltsjes* it Frysk ein njoggentjinde iuw op de kaart setten, yngeand bestudearre. 'De Halbertsma's binne hiel wichtich



Philippus Breuker by syn argyf yn de bedstee. (Foto Tjarda de Haan)

Philippus Breuker wie bysûnder heechlearaar Fryske taal- en letterkunde oan de Universiteit Leiden en heechlearaar Fryske taal- en letterkunde, yn it bysûnder de literatuerskiednis, oan de Universiteit van Amsterdam. Yn 1991 krige er foar *It wurk fan Gysbert Japix* de provinsjale Dr. Joast Halbertsmapriis.

foar histoaryske letterkunde en dêrom is it fan belang om har wurk en korrespondinsje goed te dokumintearjen. Alle brieven ha ik op folchoarder fan tiid en per



skriuwer oardere. Dy brieven ken ik, om it sa te sizzen, út de holle. Alles wat yn ferskillende argiven en op ferskate plakken leit, sit no (yn kopy) oersichtlik by elkoar. Oaren kinne har sa maklik yn dizze matearje oriïntearje en dat makket de samling ta in weardefol stúdzje-objekt.'

Yn 1989 promovearre Breuker op Gysbert Japix, de santjinde-iuwske skriuwer dy't as de grûnlizzer fan de Fryske taal sjoen wurdt. 'Fan Gysbert is syn boekynventaris oerlevere mei dêrop 85 titels. Yn tarieding op myn dissertaasje woe ik witte hoe bysûnder oft dy list wie en dêrfoar ha ik boekelisten tusken 1540 en 1670 út boelbeskriuwingen sammele en ek útsocht wat der yn dy tiid yn Fryslân oan literatuer yn Latyn, Nederlânsk en Frysk ferskynde.' De útwurking dêrfan sjocht de âld-heechlearaar as syn grutste wittenskiplike bydrage. 'Sûnt myn proefskrift is neat nijs oer Gysbert Japix boppe wetter kaam.'

Regionale skiednis

Neist literatuer hat Breuker him ek ferdjippe yn regionale skiednis en dêrby wie syn wenplak in grutte ynspiraasje. Syn alderearste publikaasje yn 1967 gie oer skoalmasters fan Boazum. Yn 1978 ferskynde *Toponymy fan Boazum*. 'Dat sjoch ik as in weardefolle bydrage om't ik troch in soad argyfûndersyk fjildyndieling en it lãngebrûk yn de midsiuwen achterhelje kinnen ha. Boazum wie foar my in middel om bepaalde dingen op doarpsnivo dúdlik te krijen.'

Yn it ramt fan har stúdzje Skiednis oan de Rijksuniversiteit Groningen hat Neeltje Holtkamp yn in staaasje dokumintaasje út it argyf fan Philippus Breuker ûndersocht en op grûn dêrfan in checklist makke foar seleksje en bewurking fan argiven fan wittenskippers.

Hoewol't Breuker wit dat net alles bewarre wurde kin, falt it oprêden him swier. 'It hâldt in kear op en wat moatte de bern dermei? Hearst wolris dat argiven yn de kontener smiten wurde. Dat is fansels skande.' Hy sjocht it leafst dat guon argiven as gehiel bewarre bliuwe. 'Wat wol en net yn de kolleksje opnaam wurdt, is net myn ferantwurdlikheid. Mar guon argyfstikken binne dreech te finen, it soe moai wêze as dat by elkoar bliuwt.'


In argyf dat er oerdraacht, is dat fan Eelko Alta (1723-1798), dêr't er koartlyn in biografy oer skreau. 'Dêr sitte unike stikken út it bûtenlân by, bysûndere kopyen fan boeken dy't yn Nederlân net te finen binne. Sa wie ik sels bot ferrast doe't ik yn de Staatsbibliothek yn Berlyn korrespondinsje tusken Alta en kening Frederik II van Pruisen (1712-1786) oantrof.'

Breuker sjocht sûnder spyt werom op syn libben. 'Ik realisearje my dat ik net wat dien ha dêr't ik my net thús by fiede, al wist dat fansels net yn it foar. Ik ha net in grut libben hân. It bestie út studearjen en skriuwen; in frij beheind bestean. As ien ding klear wie, pakte ik wer wat oars op. Ik tocht der net sa bot oer nei. No't ik âld bin, tink ik wolris: hie ik net leaver boer wurde wollen? As âldste soan fan in gernier wienen de omstannichheden der net nei dat ik it boerespul oernimme kinne soe. Ik ha deroer tocht om nei Wageningen ta te studearjen. Dan hie ik grif in hiel oar libben hân.' ■

Oer Alles – Eppie Dam

Eppie Dam (1953) jildt ûnder de hjoeddeiske Fryske skriuwers sûnder mis as ien fan de produktyfste en populêrste. Sûnt syn debút yn 1978 boude er in ymposant literêr oeuvre op mei in grut ferskaat oan sjenres: berneboeken, sportsjoernalistyk, biografyen, dichtbondels, geastlike lieten, kantates, oersettingen, lietteksten foar iepenloftspullen en wat al net. Al dizze fasetten komme oan bar by it evenemint Oer Alles dat yn oktober yn Frjentsjer is.

Eppie Dam groeide op yn in grifformearde boerehúshâlding yn Kollumerpomp. Hy folge de kristlike kweekskoalle yn Dokkum en waard ûnderwizer, earst op Urk en letter yn Balk. Al ier manifestearre de driuw nei skriuwen yn him. Syn wurk is yn 2001 bekroand mei de Simke Kloostermanpriis foar *Dingeman krijt wjukken* en



Nei it winnen fan de Gysbert Japicxpriis makke Gerrit Terpstra dit portret fan Eppie Dam.

yn 2017 krige er de Gysbert Japicxpriis takend foar de bondel *Fallend ljocht*. Ek yn it bûtenlân foel syn wurk op: it berneboek *Fjouwer dappere mûskes* krige yn 2014 it IBBY Certificate of Honour for Writing. It boek *Tsjilp: 25 fûgelgedichten foar grutte en lytse protters* waard foardroegen foar de IBBY Honour List 2020. In opfallend aspekt yn syn skriuwerskip is Dam syn gearwurking mei byldzjende keunstners, lykas Gerrit Terpstra en Lienke Boot. Dêrnjonken wurke er gear mei toankeunstners. In protte fan syn geastlike en libbensskôgjende gedichten binne op muzyk set troch Fryske komponisten.

Programma

Op freed 25 oktober is in fariearre program yn teäter De Koornbeurs. Moarns wurdt it earste eksimplaar fan *Pompster Psalmen*, Dam syn autobiografy yn dichtfoarm, oanbean. Abe de Vries jout in *laudatio* en Omrop Fryslân toant de premjêre fan in FryslânDOK oer Dam. Jûns is der in soad ferdiveadaasje mei optredens fan û.o. Inez Timmer, dy't Fryske fertolkingen bringt fan Joni Mitchell en Leonard Cohen, en it folktrio Paddy's Day Off mei Ierske balladen, oerset troch Dam en de Dichter fan Fryslân, Arjan Hut, draacht gedichten foar. Op sneon 26 oktober is yn de Martinitsjerke yn Frjentsjer in program mei geastlike lieten, kantates en liturgyen dy't Eppie Dam skreaun hat. Yn de hiele moanne oktober binne yn Museum Martena portretten fan Eppie Dam te sjen en de Frjentsjerter biblioteek toant yn in lytse útstalling wurk út de privee-kolleksje fan Eppie Dam en linofiken fan Lienke Boot. ■

It evenemint Oer Alles is in inisjatyf fan de Academie van Franeker yn gearwurking mei û.o. Theater De Koornbeurs, Franeker Bibliotheek, Museum Martena, PKN Franeker/Martinitsjerke, CSG Anna Maria van Schurman, gemeente Waadhoeke, NHL Stenden en Tresoar. Scan de QR-koade foar it folsleine programma.



Fokke Sierksma, bezeten bruggenbouwer

Ter gelegenheid van het verschijnen van mijn biografie over het leven en werk van prof. dr. Fokke Sierksma (1917-1977) worden op een symposium verschillende facetten belicht van deze Fries die gedurende bijna vier decennia een spraakmakende intellectueel was.

‘Wat men ook over Sierksma zou kunnen zeggen, niemand kan volhouden dat hij een afwezige is. Integendeel, hij was niet alleen duidelijk aanwezig tijdens zijn leven, maar hij is dit ook nu na zijn voortijdige dood nog steeds’, zo beschreef Theo van Baaren zijn collega en vriend Sierksma in 1977. Deze blijvende aanwezigheid van Fokke Sierksma - vaak een geestelijk omnivoor genoemd - door zijn ideeën, boeken, woorden en daden, was één van de beweegredenen voor mij om deze biografie te schrijven.

In twintig hoofdstukken wordt niet alleen Sierksma's levensloop geschetst, maar ook diens grote oeuvre dat zich beweegt op vele terreinen: van de Friese en Nederlandse literatuur (van Obe Postma, Douwe Tamminga en Anne Wadman tot en met Gerrit Achterberg, Jacques Bloem en Adriaan Roland Holst), oorlog en verzet, acculturatie, ongelijkheid der seksen, religieuze projectie, mode en kleding, schilderkunst, cultuurkritiek, mystiek, tot en met de cultuur van Tibet. Ook wordt ingegaan op Sierksma's rol in de Tweede Wereldoorlog; hij was betrokken bij de Luisterpost. Deze verzetsgroep luisterde aan het einde van de oorlog vanuit boekhandel Wielenga in de Nieuwe Oosterstraat de Duitse Sicherheitsdienst (in het Burmaniahuis te Leeuwarden) af. Sierksma - in zijn mensvisie sterk beïnvloed door deze riskante periode - beschreef de gang van zaken op deze Luisterpost in zijn boek *Grensoverval*. Sierksma noemde zichzelf ooit een oorlogsinvalide. De ervaringen tijdens de periode van de Luisterpost hadden een traumatiserend effect op hem en zijn gezin.



Fokke Sierksma in 1976. (Foto Joop Boomsma)

Programma

- 13.00 uur inloop
- 13.30 uur opening door Geart de Vries
- 13.40 uur lezing door Yme Kuiper: ‘Drie ongelovige vrienden in de ban van religie en magie: Theo van Baaren (1912-1989), Fokke Sierksma (1917-1977) en W.F. Hermans (1921-1995)’
- 14.10 uur lezing door Wim Hofstee: ‘Bewondering zonder volgzaamheid. Fokke Sierksma en Gerardus van der Leeuw’
- 14.40 uur pauze
- 15.10 uur lezing door Huub Mous: ‘Secularisatie als bron van godsdienstwaan, Fokke Sierksma en the sixties’
- 15.40 uur lezing door Jan Gulmans: ‘De blijvende aanwezigheid van Fokke Sierksma’. Aansluitend volgt de aanbieding van de biografie *Bezeten bruggenbouwer*. Het boek is ook te koop.
- 16.10 uur afsluiting en nazit (met drankje en hapje) ■

Wat: symposium over leven en werk
van Fokke Sierksma
Waar: Tresoar
Wanneer: vrijdag 29 november
Scan de QR-code om aan te melden.



Mee kijken met de digital manuscript nomads

In een paar minuten zijn de camera en de boekenwieg geïnstalleerd.

Lampen uit, verduisteringsgordijnen dicht en dan voorzichtig een handschrift in de boekenwieg: het fotograferen kan beginnen.

Janou Munnik, projectfotograaf, en Annelynn Koenders, handschriftenexpert, noemen zichzelf digital manuscript


nomads. Als ‘nomaden’ reizen ze voor een nieuw project van Metamorfoze – een nationaal programma van de KB, de nationale bibliotheek, voor het behoud van papieren erfgoed – het hele land door om handschriften te fotograferen. Het doel is om in de komende vier jaar álle middeleeuwse handschriften in Nederland te digitaliseren. Janou en Annelynn richten zich op de kleine erfgoedinstellingen, waar nog

zo'n 300 handschriften moeten worden gedigitaliseerd. Al met al is het een ambitieus, maar niet onmogelijk doel.

De instellingen die ze bezoeken hebben over het algemeen niet meer dan tien handschriften in de collectie. Annelynn Koenders: ‘Tresoar vormt met ongeveer 100 signatures een uitzondering, net als Huis van het Boek Den Haag, Erfgoedcentrum Rozet Arnhem en

Annelynn Koenders (links) en Janou Munnik noemen zichzelf digital manuscript nomads. (Foto KB, de nationale bibliotheek)





Het manuscript komt in de boekenwieg.
(Foto KB, de nationale bibliotheek)



Het handschrift wordt voorzichtig pagina per pagina gefotografeerd. (Foto KB, de nationale bibliotheek)

Bibliotheek Rotterdam. Deze instellingen hebben eerder meegedaan aan het project eCodicesNL, een project van het Huygens Instituut waarmee ruim 180 handschriften digitaal zijn ontsloten en nu door te bladeren zijn op ecodices.nl, waarop Metamorfoze verder bouwt, dat ronden we nu als het ware helemaal af.' Naast dat het om kleine collecties gaat, moeten de handschriften dateren tussen 500 en 1500, zijn het geen oorkondes en zitten ze in een codex (een in een boekband samengebonden bundel losse vellen perkament of papier). Er zijn echter uitzonderingen. 'Soms zijn er fragmenten die van nationaal belang zijn, waar veel vraag naar is door onderzoekers of stukken die heel zeldzaam en uniek zijn. Dan worden die na

overleg ook meegenomen in het project.'

Ze komen op bijzondere en onverwachte plekken, zoals de Abdij van Egmond, waar de handschriften nooit eerder gedigitaliseerd zijn, en Centraal Museum Utrecht, een museum vol hedendaagse kunst én twee eeuwenoude handschriften.


De collectie van Tresoar verschilt van de meeste andere collecties, zegt Janou Munnik: 'Je ziet dat er een rode draad door de collectie heen loopt en die heeft vooral te maken met de inhoud van de stukken. Sommige andere collecties zijn bijvoorbeeld verzameld op basis van esthetische eigenschappen, maar de collectie van Tresoar vertelt het verhaal van Friesland door de inhoud van de handschriften: Friesland

is dus de rode draad. Een handschrift dat daar een goed voorbeeld van is, is het Boeck der Partijen van Jancko Douwama [354 Hs], de memoires van een Friese vrijheidsstrijder.' De collectie van Tresoar is zonder meer waardevol en daarom gaan Annelynn en Janou heel zorgvuldig te werk.

De digital manuscript nomads werken volgens een internationale standaard en de Metamorfoze-richtlijnen. Janou: 'Ik begin de dag met een aantal opnames met scherpste- en kleurenkaarten zodat ik zeker weet dat de hele productie van die dag kleurecht en scherp is. Daarnaast maken de opnames het mogelijk om ook achteraf de waarden nog na te meten en uit te lezen, zodat we zelfs na tientallen jaren kunnen terugzien wat het licht en de kleur was op een specifieke dag. We werken dus zo toekomstbestendig mogelijk.'

Annelynn beoordeelt of het handschrift veilig gefotografeerd kan worden.

Benieuwd naar de handschriften en wil je er op je gemak doorheen bladeren? Alle foto's worden op termijn geüpload op ecodices.nl, waar al 180 handschriften te bekijken zijn. Tot het zover is, bewaart de KB het materiaal. Uiteraard krijgen de instellingen zelf het materiaal ook tot hun beschikking.



In handschrift 51 Hs van Tresoar zijn na het fotograferen getekende gezichtjes in de marges ontdekt. (Foto KB, de nationale bibliotheek)

‘We vinden het belangrijk om de handschriften met respect te behandelen. Soms zit een handschrift te strak in de band of is het dusdanig beschadigd dat het niet verstandig is om het te fotograferen. In zo’n geval besluit ik dan ook dat we het handschrift niet fotograferen, of dat het wellicht eerst gerestaureerd moet worden.’ Ze hanteert het handschrift tijdens het fotograferen en checkt meteen of de metadata kloppen en eventueel aangevuld kunnen worden. Ook meet ze meerdere keren per dag met een klimaatlogger het klimaat in de ruimte om te controleren of het klimaat niet te veel afwijkt van het depotklimaat, wat nadelig is voor de handschriften. Verder fotografeert Janou integraal: ‘Alles wordt meegenomen. Uitvouwbladen, uitleenblaadjes, lege pagina’s: het boek als object doet ertoe. Hoe gedraagt het boek zich

voor de camera? Als je alleen de binnenkant ziet, worden het redelijk platte foto’s maar soms vinden onderzoekers het fijn om te zien hoe een boek er driedimensionaal uitziet, daarom maken we ook altijd foto’s van de band en snedes en een ‘open en closed’ view, waarbij het handschrift in een kussen ligt.’

Opvallend is dat er geen glasplaat wordt gebruikt. Veel materiaal wordt onder een scanner gelegd om te digitaliseren, maar bij dit project worden er echt foto’s gemaakt. ‘Door handschriften onder een scanner te leggen, kun je niet alleen de pigmenten of het bladgoud in een handschrift beschadigen, ook wordt het handschrift platgedrukt, terwijl een hoek van 110 graden het beste is voor het doorbladeren van een handschrift,’ vertelt Annelynn.

Gezichtjes

Dat de foto’s van goede kwaliteit zijn, leidt soms tot mooie ontdekkingen. Zo vonden Annelynn en Janou in één van de handschriften van Tresoar (51 Hs) kleine ‘gravures’ die in het perkament zijn gekrast en die je met het blote oog vrijwel niet ziet. Een aantal gezichtjes versiert de marges van het handschrift. Het is moeilijk om ze te dateren en een reden te achterhalen – verveelde iemand zich? – maar het is hoe dan ook een leuke vondst! Wie weet wat ze nog meer ontdekken in de handschriftencollectie van Tresoar. ■

Volg Janou en Annelynn op Instagram om te zien welke schatten ze tegenkomen en hoe ze te werk gaan.



Tresoar lanceert nieuwe beeldbank

Tresoar bewaart een grote collectie foto's, tekeningen, kaarten en prenten van Fryslân. De fysieke collecties bevatten prachtige stukken die het verdienen om zichtbaar te zijn. Daarom lanceren we binnenkort een nieuwe beeldbank, waarin iedereen, in en buiten Fryslân, online kan speuren in meer dan 100.000 foto's en andere gedigitaliseerde stukken.

Het duurzaam toegankelijk maken van fysieke en digitale collecties is een belangrijk speerpunt van Tresoar. De nieuwe en gebruiksvriendelijke beeldbank komt op de website Tresoar.nl en vervangt de huidige website waar (een deel van) de gedigitaliseerde en digitale collectie van Tresoar wordt gepresenteerd.


De bekende collecties zoals het Fries Fotoarchief (met zeer divers beeldmateriaal uit overheids- en

particuliere collecties), Fries Kaartenkabinet (bestaande uit de gedigitaliseerde verzameling kaarten en prenten uit de vijftiende tot en met de twintigste eeuw) en Fryske Ikonografy (met beeldmateriaal van Friese schrijvers en andere personen die een rol spelen of speelden in de Friese taal, letterkunde en cultuur) worden in de nieuwe beeldbank overzichtelijker gepresenteerd. Ze zijn beter doorzoekbaar doordat de nieuwste zoektechnieken wor-

den toegepast en zijn ook – indien de rechten het toelaten – direct in hoge resolutie te downloaden.

Duurzame toegankelijkheid
Met de ambitie om alle informatie – zowel fysiek als digitaal – duurzaam toegankelijk te maken voor iedereen, is de nieuwe beeldbank een waardevolle eerste stap van een omvangrijker project dat we stapsgewijs uitvoeren. Door te starten met een aantal deelcollecties doen we ervaringen op die ons helpen om uiteindelijk ook andere collecties online te presenteren en doorzoekbaar te maken. De nieuwe beheeromgeving die we nu gebruiken biedt meer flexibiliteit en zorgt voor een betere toekomstbestendigheid in het beheren en presenteren van onze collecties.

Grootste beeldbank van Fryslân
Al met al wordt het een stuk makkelijker om een afbeelding te vinden in onze omvangrijke collectie. Een collectie die alleen maar verder zal groeien en zeker ook verrassende zoekresultaten kan opleveren. ■



Zoeken in meer dan 100.000 foto's en kaarten van Fryslân: het kan bijna in de nieuwe beeldbank van Tresoar. Binnenkort is de officiële lancering. Houd hiervoor onze website en social media in de gaten.

Biten en brokken: het archief van Pieter Gerbenzon

Pieter Gerbenzon (1920-2009) was een rechtshistoricus met een bijzondere belangstelling voor Oudfriese rechtsbronnen. Hij was van 1957 tot 1964 hoogleraar Friese taal en literatuur aan de Universiteit van Utrecht en van 1964 tot 1982 hoogleraar Oudfries Recht en Oud Canoniek Recht aan de Rijksuniversiteit Groningen. Een in memoriam uit 2010 roemt Gerbenzon om zijn 'onvoorstelbare grondigheid' en 'grote kennis van zaken'. Dit blijkt niet alleen uit zijn talloze publicaties, maar ook zijn bibliotheek en archief laten dit goed zien. Na zijn vervroegde pensionering koos hij voor een teruggetrokken leven, waarin hij zich wijdde aan wetenschappelijk onderzoek.

Gerbenzons betekenis voor de frisisiek komt tot uiting in een aantal indrukwekkende werken, zoals zijn proefschrift *Excerpta legum* (1956) – een inleiding tot tekstuitgaven van enkele vijftiende-eeuwse Friese rechtsboeken, diverse tekstuitgaven van Oudfriese rechtsbronnen, tientallen

artikelen en een aantal niet uitgegeven 'apparaten' en 'lijsten' voor de studie van het Oudfriese recht – deze laatste zijn overgeleverd in zijn archief. Daarnaast leidde hij een aantal briljante (rechts)historici en oudfrisisten op, zoals Henk D. Meijering, Frank Keveling Buisman, Dieneke Hempenius-van Dijk en Oebele Vries.

Bibliotheek en archief

In 1996 zag hij zich, wegens ruimtegebrek, genoodzaakt om zijn omvangrijke bibliotheek (de veilingcatalogus vermeldt 833 kavels) te verkopen. Van deze beslissing kreeg hij echter al gauw spijt, zegt hij in 2001 in een interview met het tijdschrift *Pro Memoria*. Boeken die hij in bezit

Pieter Gerbenzon tijdens zijn jaren op het Stedelijk Gymnasium te Leeuwarden, circa 1937.



Archiefstukken van Pieter Gerbenzon.

heeft gehad, duiken zo nu en dan nog weleens op in de handel, te herkennen aan zijn handtekening voorin, soms vergezeld van enige notities. Onbekend is wat Gerbenzon met zijn archief voor ogen had. Voor zijn nazaten leek het een sta-in-de-weg te zijn geweest; het archief is na Gerbenzons overlijden in drie stukken opgedeeld geraakt, die nu berusten bij de afdeling Bijzondere Collecties van de universiteitsbibliotheek in Groningen, Tresoar en de Groninger Archieven.

Inkijkje

Een archief geeft een inkijkje in hoe iemand te werk ging. Het bij Tresoar berustende deel van Gerbenzons archief laat werkzaamheden in de rechtsgeschiedenis en de frisisiek zien. Ook kennis en kunde op het gebied van codicologie, paleografie en paleotypie (bestudering van respectievelijk de materiële aspecten van het boek (codex), van het schrift en van de drukletter) zijn in ruimtemate vertegenwoordigd. Zo trof ik



tientallen mappen aan met foto's, kopieën en transcripties van en aantekeningen over middeleeuwse en vroegmoderne handschriften, en een flinke hoeveelheid paleografisch en paleotypisch vergelijkingsmateriaal. Dit werk heeft zijn neerslag gevonden in publicaties als *Membra disiecta* (1981), over het identificeren van uit hun context geraakte manuscriptfragmenten – in het geval van Gerbenzon voornamelijk op juridisch gebied. Ook bevat het archief stukken die laten zien hoe bepaalde artikelen en voordrachten tot stand kwamen en materiaal dat leidde tot het uitgeven van tekstedities.

Correspondentie

Een deel van het archief is gevuld met correspondentie met vakgenoten en andere wetenschappers, en met studenten en promovendi (in spe). Heel bijzonder is een brief van 7 oktober 1948 van paleograaf en incunabilist Bonaventura Kruitwagen (1874-1954), over diens baanbrekende artikel 'De Frieska Landriucht-drukkerij [Friesland? omstreeks 1485-1490]' in *Het Boek* (1947/48). Kruitwagen noemt het een artikel over gegevens 'welke konden leiden tot de ontdekking van den jurist en/of den drukker' van het Frieska Landriucht. Rondom deze vroege druk of incunabel en zijn drukker hangt al eeuwenlang een waas van geheimzinnigheid en zelfs eminente geleerden als Kruit-



Brieven aan Gerbenzon van (links) Hitoshi Kodama (uit 1991) en van Bonaventura Kruitwagen (uit 1948).

wagen en Gerbenzon hebben de mist niet kunnen doen optrekken. 'De Friesche archiefmensen moeten de rest maar doen', aldus Kruitwagen. Ook interessant is de correspondentie met de Japanse frisist Hitoshi Kodama (1931-2021), over de verkoop van een grote partij boeken uit Gerbenzons eigen bibliotheek in 1990, om 'the nucleus of a valuable Frisian language library in Japan' te worden.

Het is goed dat dergelijk materiaal bewaard is gebleven. Het is van minstens zoveel waarde als output in de vorm van artikelen en boeken, omdat het van belang kan zijn voor bijvoorbeeld het beoefenen van wetenschapsgeschiedenis. De zakelijke correspondentie laat ook persoonlijke kenmerken zien. Gerbenzon had het bijvoorbeeld niet zo op feestbundels. Hij noemde ze een 'niet sympathieke persoonsverheerlijking', 'vuilnishopen' en een 'pest, die liefst grondig uitgeroeid zou moeten worden'. Ook stond hij niet graag in het middelpunt van de belangstelling; bij zijn eigen afscheid wenste hij 'geen enkel ceremonieel' en 'geen crachat de la reine'. Gerbenzon nam duidelijk geen

blad voor de mond en het archief wekt hier en daar de indruk dat hij in de omgang niet voor iedereen een even gemakkelijk man zal zijn geweest.

Verstrooide brokstukken

Gerbenzons Tresoar-archief wordt momenteel door mij beschreven, zoals ik dat ook gedaan heb bij de stukken die bij de Rijksuniversiteit Groningen en Groninger Archieven berusten. Met deze laatste bewerkingsslag wordt het archief van deze eminente en voor de geschiedenis van het Oudfriesche recht zo belangrijke geleerde geheel ontsloten. Doordat Gerbenzons archief in biten en brokken verstrooid is geraakt, komen de contextuele samenhang van het archiefmateriaal en de werkprocessen van de archiefvormer helaas minder goed tot hun recht dan wanneer het één geheel zou vormen. Op persoonlijke titel geschreven, zou ik graag zien dat de drie deelarchieven samengevoegd worden en voorzien van één inventaris bij één archiefinstelling berusten. Het zal geen verrassing zijn dat Tresoar – als centrum voor het bewaren en ontsluiten van frisistiek documentair erfgoed – mijn voorkeur heeft. ■

Collectiebewerker Riemer Janssen komt bij het beschrijven van archieven de mooiste schatten tegen die hij in deze rubriek uitlicht.

Op zoek naar verhalen over vluchtelingen en evacués

Voor een tentoonstelling over vluchtelingen en evacués in de Tweede Wereldoorlog die komend voorjaar te zien is bij Tresoar, zijn wij op zoek naar verhalen. Welke familie opende de deuren voor een evacué of vluchteling? Wie ontvluchtte zijn of haar huis en vond het een ander 'thuis' in Fryslân? Wie werden er geëvacueerd naar het noorden?

In de aanloop naar en tijdens de Tweede Wereldoorlog vonden verschillende groepen vluchtelingen in Fryslân een veilige plek. In de jaren dertig – met name na de Kristallnacht – staken veel joden de grens tussen Duitsland en Nederland over. Ze kregen huisvesting in Kamp Westerbork. Op 10 mei 1940 kwam een groep van zo'n 500 tot 700 joodse vluchtelingen uit

Kamp Westerbork voor een paar weken naar Leeuwarden. Ook in mei 1940 zochten inwoners van onder water gezette gebieden van Fryslân een ander heenkomen in de provincie. Een paar maanden later, in augustus, werd er voor een groep Rotterdamse kinderen een tijdelijk onderkomen in het noorden gezocht. Na het bombardement op hun thuisstad kwamen ze vijf of zes weken naar Fryslân om aan te sterken. In de periode 1942-1945 werden bewoners van de kuststreek geëvacueerd vanwege de bouw van de Atlantikwall. Bewoners uit die gebieden moesten naar Fryslân of Groningen. In 1944 en 1945 kwamen veel evacués uit met name Noord-Limburg, de Betuwe en Arnhem en omstreken naar Fryslân. En tijdens de hongervinter van 1944-1945 kwam een grote stroom vluchtelingen uit de grotere steden in het westen van het land naar het noorden.

Naast deze specifieke groepen mensen zijn er gedurende de hele oorlog mensen op zoek geweest naar een veilige plek om te wonen, of dat nu was om hun geloofsovertuiging, politieke voorkeur, ras of om andere redenen. In Fryslân was er plaats voor hen. De verhalen die hieraan verbonden zijn – de mooie en minder mooie – willen we een plek geven in de tentoonstelling.



Bewoners van 'Djiplân' met hun onderduikers en evacués, voorjaar 1945. V.l.n.r.: (staand) prof. Kusters, echtpaar Gubbels, Ype van der Werf, Lena (Lenie) Kokernoot, Riek de Grauw (Tante Riek, honger-evacué uit Utrecht), Matti (= Rachel Schrijver) op de arm van Pietje van der Werf-de Boer (Mem) en Tjitte Koopmans. Zittend: Durk van der Werf, Fons Gubbels, Greetje Bonevaars, Marietje Gubbels, Ate van der Werf, Jan de Grauw en Jos Gubbels en boven deze drie Anny Gubbels, Cilia van der Werf en Tonny Gubbels.

Niet alleen verhalen, maar ook foto's, krantenknipsels, brieven, ansichtkaarten en voorwerpen krijgen een plekje in de tentoonstelling. Heeft u waardevol materiaal liggen? Denk bijvoorbeeld aan correspondentie tijdens en na de oorlog, cadeautjes en andere uitingen van dankbaarheid. Verhalen, reacties of vragen kunnen tot en met 20 oktober 2024 worden gestuurd naar communicatie@tresoar.nl. Tresoar maakt een selectie van de binnengekomen verhalen en het materiaal.

Grootste en meest geraadpleegde oorlogsarchief online

Het Centraal Archief Bijzondere Rechtspleging (CABR) telt 485.000 dossiers met een totale omvang van 3,8 kilometer. In het CABR is het (vermeende) foute oorlogsverleden van Nederland vastgelegd. Tegelijkertijd bevat het een schat aan informatie over het verzet. Gezien de omvang en inhoud is het CABR het meest geraadpleegde oorlogsarchief in Nederland.

Het archief is in werkelijkheid een 'samenraapsel' van talrijke archieven van verschillende rechterlijke instellingen en opsporings- en politiediensten. Meerdere daarvan zijn in Friesland gevormd. Zo bevat het CABR archieven van onder andere de Politieke Opsporingsdienst van Drachten en Sneek, de gemeentepolitie Harlingen en van het Bijzonder Gerechtshof en het Tribunaal te Leeuwarden.

Concreet kunnen in een dossier vonnissen en andere juridische documenten zoals dagvaardingen, proces-verbaal van de rechtszittingen en de verhoren van de verdachte en getuigen zitten. Daarnaast kan het dossier ook persoonlijke stukken uit de oorlogsjaren bevatten zoals foto's, brieven, dagboekantekeningen en agenda's, evenals bijvoorbeeld lidmaatschapsbewijzen van Duitsgezinde organisaties die destijds als bewijsmateriaal in beslag zijn genomen.

Tot 1 januari 2025 is het archief beperkt openbaar. Alleen dossiers van verdachten die minimaal honderd jaar geleden zijn geboren of waarvan de onderzoeker kan aantonen dat de verdachte inmiddels is overleden kunnen op aanvraag worden ingezien. Met ingang van volgend jaar vervalt die restrictie echter en is het archief volledig openbaar.

Vanwege de enorme belangstelling voor het archief en de kwetsbaarheid van het papier is besloten het gehele archief te digitaliseren. Daarvoor moeten circa dertig miljoen scans worden gemaakt, dat zijn 150.000 scans per week. De eerste acht miljoen daarvan zijn vanaf 2 januari 2025 raadpleegbaar en doorzoekbaar op oorlogvoorderechter.nl. In 2027 is de klus geklaard. ■



Op zoek naar een dossier in het CABR, dat was ondergebracht bij het ministerie van Justitie. (Foto Nationaal Archief)

Regionale bijeenkomst

In de aanloop naar het online plaatsen van het CABR is een ethisch beraad ingesteld, waarin verschillende belangenorganisaties zitting hebben. Eén daarvan is de Stichting Werkgroep Herkenning, die de belangen van kinderen van

(vermeend) foute ouders behartigt. Een deel maakt zich zorgen over de gevolgen van het online zetten van het archief. Dit komt onder andere aan de orde op de regionale bijeenkomst in Leeuwarden op 17 november bij Tresoar. Er wordt uitleg gegeven over het project. Een van de sprekers is historicus

Hans Blom, oud-directeur van het NIOD Instituut voor Oorlogs-, Holocaust- en Genocidestudies.

Scan de QR-code voor het programma en om aan te melden.



Het begin van de bioscoopcultuur in Friesland

Als Fellow bij Tresoar doe ik bij het Fries Film & Audio Archief onderzoek naar de vroege bioscoopcultuur in Friesland. Met name die van Sneek, waar film al vroeg een belangrijke plek kreeg. Er zijn zelfs films opgedoken uit de jaren twintig met beelden van de stad. Bovendien was Sneek decennialang de thuishaven van de familie Miedema, die in de jaren dertig in korte tijd een grote regionale bioscoopketen opbouwde.

Films kijken we steeds vaker op onze telefoon, laptop of televisie – en natuurlijk gaan we ook nog steeds naar de bioscoop. Eigenlijk kunnen we overal wanneer we willen film kijken. Dat was zo'n honderd jaar geleden wel anders. Begin vorige eeuw was film een geliefde en laagdrempelige attractie, maar vormde ook een bron van discussie.



In 1923 werd het Amicitia-theater in Sneek (uit 1815) verbouwd, er kwam ruimte voor een bioscoopzaal bij.

De eerste filmvertoning in Nederland was op 12 maart in 1896 in Amsterdam. Dat was zes maanden na de eerste filmvertoningen in Parijs en Berlijn. Journalist Camille Cerf vertoonde acht korte films met de *Cinématographe* van Auguste en Louis Lumière. De komst van projectors als de cinematograaf of de *Bioscope* is een keerpunt in de filmgeschiedenis, want met meerdere mensen tegelijk naar een film kijken was eerder niet mogelijk. Zo'n film duurde nog geen minuut, maar de voorstellingen van deze 'levende fotografie' waren een groot succes. De Leeuwarder kermisondernemer Christiaan Slieker (1861-1945) richtte diezelfde zomer een reizende bioscoop op. Daarmee was de eerste generatie bioscoopexploitanten geboren. Ze vertoonden hun films op kermissen, tentoonstellingen en bij variététheater door het hele land. Zo kon men ook in Friesland genieten van beelden van de inhuldiging van koningin Wilhelmina in 1898.

Populair

Film ontwikkelde zich razendsnel, evenals het fenomeen bioscoop. Er volgden meer projectoren en de films werden langer – zo'n vijf tot tien minuten. De bioscoopexploitanten bezochten met hun projectoren theaters en kermissen door het hele land. Als nieuwe visuele vorm werd film een populaire attractie, maar van kunst zou men nog lang niet spreken.

Hoewel de films geen geluid hadden, was de bioscoop allesbehalve stil. Er trad vaak een explicateur op, of er werd zelfs begeleidende muziek bij gemaakt. Waar het over ging of wie erin speelde was niet belangrijk, maar dat de beelden bewogen! Hoe was het mogelijk? Dat

vroeg het *Bolswards Nieuwsblad* zich ook af. Op de voorpagina beschreven ze uitgebreid hun ervaring bij de filmvoorstelling van de Alberts Frères (Bernard en Willy Mullens) in de Harmonie Leeuwarden in 1905: ‘Wat zijn films? vroegen we en het antwoord luidde: Strooken celluloid ter breedte van 2½ centimeter en ... ter lengte van 750 voet. Op die celluloidstrookjes zijn kleine fotografietjes gemaakt ter lengte van 2cm zoodat er zich 50 fotografietjes op 1 meter bevinden. Per seconde ziet men er 25.’

Vanaf 1906 ontstonden er steeds meer vaste bioscopen. Met deze verschuiving van de kermis en het variété naar permanente locaties kreeg de bioscoop, en film als medium, een nieuw karakter. Dat werd niet door iedereen verwelkomd. De bioscoop werd voornamelijk bezocht door de arbeidersklasse, de burgerij wilde er niet veel van weten. Bioscopen namen explosief in aantal toe tussen 1910 en 1914 en begonnen te concurreren met theaters en schouwburgen. En met deze innovatie begonnen ook morele discussies, ook in Friesland. Men maakte zich zorgen over de zedelijkheid van filmvertoningen: vormde de bioscoop niet een gevaar voor de jeugd?

De uit Groningen afkomstige Swier Miedema (1871-1928) was een reizende ondernemer. Jarenlang bezocht hij dorpen en steden in Friesland en Drenthe met zijn reizende bioscoop, tot hij in 1915 in Meppel zijn eerste permanente bioscoop vestigde. In 1923 volgde de tweede, in Sneek, waar trouwens de eerste bioscoop al in 1911 zijn deuren had geopend. Samen met zoons Jacob (1897-1976) en Johan (1901-1986) breidde Miedema zijn reisroute uit tot een bioscoopketen met eigen bioscopen en vaste filmavonden in theaters. In 1939 bezaten de gebroeders Miedema elf bioscopen, waarvan twee in Sneek. Het vermaarde Tuschinski uit Amsterdam bezat toen ‘slechts’ acht theaters.

Fellow

Nynke Roos Bruinsma is in 2022 afgestudeerd in de Research Master ‘Arts, Media and Literary Studies’ aan de Rijksuniversiteit Groningen. Ze specialiseerde zich in filmwetenschap, vooral in filmtheorie en filmgeschiedenis van de vroege cinema. In april volgend jaar houdt ze voor de Freonen een lezing over haar onderzoek.



‘Portier voor een bioscooptheater’, poster die Piet van der Hem in 1921 maakte. (Rijksmuseum)

Stempel

Kijken we naar de manier waarop men destijds film tot zich nam, dan is het bijzonder te noemen hoe de Miedema’s wisten uit te groeien tot een gedegen concurrent voor andere bioscoopondernemers. Net zo bijzonder als het feit dat Sneek enige tijd zelfs drie bioscopen telde. Want hoewel de bioscoop zich aanvankelijk snel ontwikkelde, was de Nederlandse film- en bioscoopindustrie nog niet zo groot in de jaren twintig. Ook niet in Friesland. Maar hoe komt dat eigenlijk? Hoe heeft de Friese bioscoopcultuur zich precies ontwikkeld?

Jacob en Johan Miedema hebben ontegenzeggelijk een groot stempel gedrukt op de bioscoopgeschiedenis van Noord-Nederland. Met behulp van literatuur, archieven, films en interessante filmfragmenten uit het Fries Film & Audio Archief onderzoek ik hoe die rol er precies heeft uitgezien en wat dat heeft betekend voor de bioscoopcultuur in Sneek en bij de uitbreiding van film in Friesland. ■

It liet fan de stakingsbrekker


It audio-argyf leit net allinne it ferhaal fan Fryslân fêst. Hear mar ris nei kommunist Gerrit Roorda, dy't in liet sjongt oer in Amerikaanske stakingsbrekker. It libbensferhaal fan Gerrit Roorda (1890-1977) fan De Tynje, oertsjûge kommunist, stakingslieder en Frysk steatelid, is optekene troch sjoernalist Kerst Huisman. Yn 1973 ferskynde *It libben fan Gerrit Roorda*.

Yn desimber 1970 hat Huisman mei Roorda en syn frou Pytse Loopstra praat. De bânopnamen fan dat petear wurde bewarre by Tresoar en binne yntusken digitalisearre. Wy hearre Roorda net allinne syn ferhaal fertellen: hy sjongt ek! Oan de ein fan it petear sjongt Roorda op fersyk fjouwer lieten, ien yn it Frysk en trije yn it Ingelsk. Dizze lieten hie er yn Amearika opdien, dêr't er fan 1910 oant 1919 wenne en wurke. Hy sleat him oan by it fakbûn

Industrial Workers of the World. De leden waarden 'Wobblies' neamd. Roorda kundiget it liet oan as 'The Wobbly Song'. It is basearre op 'The Ballad of Casey Jones', oarspronklik in liet oer in treinmasinist dy't himsels yn 1900 opoffere om in trein ôf te remjen dy't yn botsing komme soe mei in oaren. De legindaryske aktivist Joe Hill, skriuwer fan rebelske lieten en nei syn eksekúsje yn 1915 sels faak besongen ('I dreamed I saw Joe Hill last night'), hat it liet oer de

heldhaftige masinist folslein op de kop set. Hy makket fan Casey Jones in stakingsbrekker: 'Casey Jones – The Union Scab'. By in grutte spoarstaking lieten guon masinisten dochs treinen ride, ûnder oare op de SP Line, de Southern Pacific. Joe Hill makket fan Casey Jones sa'n stakingsbrekker. Lilke stakers sabotearje it spoar en Casey Jones ferûngelokket mei syn trein. As de stakingsbrekker by de himelpoarte komt, seit Petrus: 'Sa'n man kinne wy hjir wol brûke', want de muzykingels binne krekt yn staking. Mar it himelske fakbûn lit it der net by sitte. De ingels skoppe Casey Jones by de gouden ljedder del, streekrjocht de hel yn, dêr't Casey tenei swevel skeppe mei. Gerrit Roorda sjongt it út de holle, mei ynmoed. Dêrnei folgje noch 'As 't sintsje fier yn 't westen', 'The end of a perfect day' en 'Somewhere a voice is calling'.

Gerrit Roorda mei it boek yn de hân by de presintaasje yn 1973. Rjochts skriuwer Kerst Huisman en yn de midden útjouwer Lykele Jansma.



Scan de QR-koade om it fragmint mei de fjouwer lieten te hearren.



Yn Operaasje audio beskriuwe meiwurkers fan it Frysk Film & Audio Argyf bysûndere fynsten yn de audiokolleksjes út de Tresoardepots. De kolleksje wurdt digitalisearre en komt, as dat om de rjochten kin, online beskikber. Besjoch ek de fernijde site www.friesfilm-audioarchief.nl

Maak kennis met de Klassieken en Buma

Tresoar heeft één van de omvangrijkste collecties boeken over de klassieke oudheid van West-Europa: de Buma-bibliotheek met daarin bijna 60.000 titels over de tijd van de Grieken en Romeinen. Het is een openbaar toegankelijke collectie voor het bestuderen van de klassieke oudheid. Wat maakt deze collectie zo bijzonder? En wat zijn de mogelijkheden voor het onderwijs?

De collectie is vernoemd naar Lieve Annes Buma (1796-1876). Hij studeerde Klassieke Talen en verzamelde veel oudheidkundige werken. Buma kwam uit een vermogende Friese familie en uit zijn erfenis stelde hij 100.000 gulden beschikbaar om een openbaar toegankelijke moderne bibliotheek op te richten om de klassieke literatuur te bestuderen. Van het legaat ging 3.000 gulden naar de huisvesting en de rest moest op de bank renderen. Van die renteopbrengst wordt de Buma-bibliotheek bekostigd: jaarlijks worden er nieuwe boeken over de oudheid van gekocht. De collectie van de bewaarbibliotheek bestaat vooral uit gedrukte werken en bevat nauwelijks handschriften. De bibliotheek werd bij de Provinciale Bibliotheek ondergebracht, een van de voorlopers van Tresoar.

In de geest van Buma maakt Tresoar de oudheid met educatieve activiteiten voor een breed publiek toegankelijk. Om de Buma-bibliotheek onder de aandacht te brengen is er een lesprogramma met verschillende onderdelen.

Rondleiding

Gymnasia in Noord-Nederland kunnen een gratis rondleiding krijgen als introductie op de collectie. Hoe wordt de omvangrijke collectie bewaard? Wat zijn stukken met een bijzonder verhaal? Wat is het oudste boek van Tresoar? Leerlingen ontcijferen Latijnse teksten, leren over de herkomst van bijzondere teksten, zoals over de Griekse mythologie en Olympische Spelen.

Stadswandeling

In het heden is veel van de klassieken terug te vinden. Tijdens een stadswandeling door Leeuwarden bekijken we die sporen. De leerlingen worden uitgedaagd om hun kennis over oudheid toe te passen bij het zien van de beelden van Pier Pander, het Paleis van Justitie, de rechtspraak, Latijnse afkortingen en spreuken zoals in de Statenzaal. Zo leren ze dat de oudheid niet alleen in teksten is overgeleverd, maar ook op andere wijzen invloed heeft gehad.



Leerlingen bij de Buma-bibliotheek.
(Foto Jacob Roep)

Week van de Klassieken

Het Rijksmuseum van Oudheden, het Allard Pierson, Tresoar, Addisco Onderwijs en het Nederlands Klassiek Verbond organiseren jaarlijks in het voorjaar de Week van de Klassieken, met diverse lezingen over een centraal thema uit de oudheid. Daarnaast is er de Grote Ken-je-Klassiekenquiz voor gymnasia uit Vlaanderen en Nederland. De regionale voorronde wordt bij Tresoar gehouden; het winnende team ontvangt de Lieve Annes Buma-bokaal. De finale is in het Rijksmuseum van Oudheden in Leiden. ■

Meer weten over het
educatieve aanbod?
Scan de QR-code



Puzelstikjes fine

Professor Alderik Blom naam in pear moannen frij om as gastûndersiker oan de Fryske Akademy nei Ljouwert te kommen. De heechlearaar Keltology bestudearre yn de argiven fan Tresoar de nei-oarlochske kontakten tusken Bretanje en Fryslân.



Yn 1948 ferskynde in spesjaal temanûmer fan Frysk literêr moanneblêd *De Tsjerne*. It gie oer Bretanje mei omtinken foar it keltyske Bretonsk, dat krekt as it Frysk in minderheidstaal is. Trije jier letter ferskynde fan it Bretonske tydskrift *Al Liamm* in temanûmer oer Fryslân. Anne Wadman wie ien fan de Fryske skriuwers dy't de kontakten hie.

Alderik Blom (1978, Diever) wurket oan de universiteit fan it Dútske Marburg. As soan fan Fryske âlden koe er - as bykommend foardiel - foar dit ûndersyk de Fryske taal aktyf brûke. 'By myn stúdzje Aldgermanistyk learde ik Aldfrysk, mar it Frysk fan no koe ik inkeld as de thústaal fan ús heit en mem.'

Yn 1946 kamen de earste ferbiningen tusken Fryslân en Bretanje ta stân troch Feijo Schelto Sixma baron van Heemstra dy't de nammen en adressen fan minsken yn Parys hie. As Tsjerneredakteur gie Wadman nei Frankryk. 'Hy wie ynteressearre yn oare literatueren dy't yn deselde sitewaasje as it Frysk sieten. Dy earste kontakten wienen lykwols net echt mei litera-

Alderik Blom mei op de achtergrûn it portret fan Anne Wadman dat foar him makke waard nei't er de Gysbert Japicxpriis krige. (Foto Haye Bijlstra)

toaren, mear mei bytiden militante politike aktivisten. Dat sinde Wadman net sa bot, sa ha ik yn de notulen en syn deiboeken lêzen.'

Geandewei kamen dy kontakten mei Bretonske skriuwers, sa as Pêr Denez, der wol. It doel wie om yn beide talen literêre teksten, skôgingen en besprekken te publisearjen en oer te setten. 'Yn Bretanje wie men fierder. In skriuwer as Roparz Hemon skreau modern toaniel en hy wie in ynspiraasje foar Wadman dy't de Fryske literatuer 'achter de kowesturten' weihelje woe.'

Yn it nûmer fan *Al Liamm* stienen sa'n 15 Fryske bydragen fan ûnder oare Wadman, Obe Postma, Fedde Schurer en Douwe Tamminga. De bydragen wienen út ferskate talen wei oerset, út it Frânsk, Ingelsk, Dútsk en sels Esperanto. 'Safolle muoite dienen se der foar. De blêden wienen wol ferskillend. De Tsjerne wie mear in literêr blêd en *Al Liamm* mear in bewegingsblêd. Bretanje wie mear op polityk en nijs rjochte. Sa waard yn de rubryk 'Nijs fan ús Fryske freonen' de rebûlje fan Kneppelfreed yn 1951 breed útmetten, en ek waard meld dat Wadman in soan krigen hie.'

Bretonsk argyf

Blom hat hûnderten brieven en oare stikken lykas deiboeken lêzen om út te finen wêrom't de Friezen en Bretons sa yn elkoar ynteressearre wienen. Bysûnder is dat in part fan it Bretonske argyf by Tresoar bewarre wurdt. 'Wadman en Denez wienen befreone rekke en tal fan brieven leinen noch by de

Professor doktor Alderik Blom studearre Muzykwittenskip, Aldermanistyk, Skiednis en Keltology. Yn 2016 kaam er te wurkjen oan de universiteit fan Marburg dêr't er heechlearaar is. Dêrfoar wurke er yn Grut-Brittannië, oan de universiteiten fan Cambridge en Oxford. Undersyksfoer is wat him driuwt. 'Ik wol altyd wat nijs leare, boeken lêze, yn argiven dûke, ûndersyk dwaan. Dat fyn ik hearlik. Yn my sit in wittenskiplik fjoer om dingen út te sykjen. Ik ha in amper te stiljen honger om te witten. Dat hie ik as bern al. Ik bin sa fassinêre troch in fraach, dat ik der alles oer witte wol. Foar my jûns gjin Netflix, dat fyn ik ferlerne tiid. Ik sit nei it iten leaver mei in boek op de bank. Myn frou is dat wend, se wit dat ik wat apart bin.'

soan fan Pêr Denez, dy't se koartlyn oan Tresoar skonken hat. Dêrtroch is dit stik no fan twa kanten tagonklik, en kin ik de korrespondinsje fan beide kanten lêze.'

'Ik analysearje de publisearre teksten en de brieven: wat ha pommeranten yn de Fryske beweging skreaun? Troch yn de argiven te spitten, kin ik in rekonstruksje meitsje. Hoe tinke se oer oare skriuwers, oer politike saken lykas mear selsstannigens foar Fryslân, wat is it selsbyld? Deiboeken binne dêrby hiel nijsgjirrich. Sa skriuwt Wadman yn it begjin dat er de Bretons yn Parys hiel rankuneus en mar wat nuver fynt, en wol er der earst net safolle mei te krijen ha.' Letter wurde de kontakten better en ferskynt it temanûmer. 'By dit ûndersyk ha ik puzelstikjes fûn, brieven dy't ferklearje wêrom't it sa rûn is. Ik ha boppedat folle mear fûn as dêr't earder oer skreaun is.'

Blom hat in holistyske opfetting fan wittenskip en besjocht de skiednis út ferskillende perspektiven wei. 'Alles hinget mei elkoar gear. Dat blykt no ek wer. Kinst dizze ûntwikkeling fan it oer de grinzen

sjen net los fan de tiid sjen. It federalistyske tinken fan nei de Twadde Wrâldoarloch, mei kreten as mear selsstannigens foar Fryslân yn in Europeesk ramt, is in reaksje op it eardere nasjonalistyske tinken fan de jierren tritich. De jierren om 1950 hinne binne in oergongsperiode, nei in nij Europa, fol hoop en idealisme, alhoewol't dy earste hoop achternei wol wat fergees like te wêzen. Dat sjochst net allinne yn Fryslân en Bretanje, mar op mear plakken yn Europa. Wadman woe it Frysk ferheffe as kultuertaal, hy besocht it Frysk op plakken te brûken dêr't dat oant dy tiid net brûkt waard. Wat Douwe Kalma yn 1915 sei mei syn Fryslân en de wrâld, it idee dat Fryslân him net langer opslute en blynhâlde moast foar wat der yn de wrâld te rêden wie, waard doe praktisearre.'

Yn koarte tiid hat de ûndersiker tal fan argiven besjoen en lêzen. Mei in soad oantekeningen en ideeën kin er begjinne oan de folgjende faze: it skriuwen. Benijd nei de útkomsten? Op de Conference on Frisian Humanities fan de Fryske Akademy yn 2025 yn Ljouwert is er ien fan de sprekkers. ■

'Dit mag je niet aan een ander laten lezen!'

Dit sitaat stiet boppe-oan in brief kwattele dy't Rely Jorritsma nei Erna Herbold stjoerde. De brief komt út in samling dokuminten, yn in moai Japansk kistje, dy't Tresoar koartlyn krige fan Gerda Schuller, skoandochter fan frou Herbold. Se binne in moaie oanfolling op de brieven fan Erna oan Rely dy't al yn de kolleksje binne.

Rely Jorritsma (1905-1952) groeide op yn Jellum en wylst Frysk net syn memmetaal wie, soe dat dochs syn literêre taal wurde. Tineke Steenmeijer-Wielenga typearret him yn *Myn sang is fan it âlde hûs* (1993) as in apart man, eins in tragysk figuer. Hy hat gjin grut oeuvre skreaun en nettsjinsteande plannen is der nea

in bondel útkaam. Syn namme is sûnt de earste útrikking yn 1955 ferbûn oan de jierlikse Rely Jorritsmapriis, dêr't skriuwers Fryske ferhalen en gedichten foar ynstjoere kinne. Yn syn testamint hie er it fûns fêstlein, foaral om't er net tefreden wie mei de organisaasje fan doetiidske priisfragen.

Syn grutte muze wie Erna Herbold (1912-1989), dy't opgroeide yn Velsen en letter yn Rotterdam en Loenen op de Feluwe wenne. As 16-jierrige gie se nei de teken- en bouskoalle Academie Kunstoefening yn Arnhem, dêr't se Rely moete. Har heit soe Rely te âld fûn hawwe foar in relaasje mei syn dochter. Nei de oarloch troude se mei Anton Schuller en krigen se ien soan. Erna en Rely fûnen elkoar yn de keunst, want

De korrespondinsje is yn dit kistje bewarre bleaun. (Foto Janna Kootstra)




beide ûntwikkelen se har as skilders en wikselen se gauris wurk út, sa blykt út de brieven.

Sa skriuwt er op 27 oktober 1937 oan Erna: ‘Ach ik zou zoo graag in Arnhem willen zitten schilderen.’ In pear jier earder is er ‘ontzaglijk blij’ mei in skilderij fan har; it is sa ljocht, wylst syn skilderjen ‘zoo somber, zoo zwaar, zoo Noordelijk’ is. Yn de brieven reflektearret er geregeld op it skilderproses, sa neamt er it in wrakseling en ropt er suver út: ‘Zeg, wat is je ziel leeg en hopeloos na het scheppen.’ Nijsgjirrich is dat er skriuwen en skilderjen ek fergeliket, bygelyks as er seit dat skilderijen taastberder binne en datst der tûzenris nei sjen kinst, wylst it gedicht allinnich wurket by it earste lêzen. Al soene je dat lêste fansels ek ûntstride kinne. Wrakseljen bliuwt it hoe dan ek: ‘k Zou veel kunnen schilderen en werken, als ik maar niet alleen was, als ik maar echt mij kon geven.’ Boppe ien fan de brieven oer har skilderijen stiet ‘Dit mag je niet aan een ander laten lezen!’, faaks om’t er bytiden persoanlike dingen dield, lykas wrakselingen en ûnrêst.

De húshâlding Jorritsma ferfear yn 1922, wierskynlik troch jildsoargen, nei Nijmegen. Hy kaam faker werom nei dat plak, bygelyks nei de oarloch, en hy leit der ek begroeven. Tusken 1931 en 1934 siet er op de tekenskoalle yn Arnhem en dêrnei gie er yn Antwerpen yn de lear by keunstskilder Albert Thijs. Dat om utens wenjen en it hieltyd langjen nei oare plakken komt werom yn de brieven. Yn desimber 1948 skriuwt er dat er sa langet nei Loenen en de bosken, dat er yn Arnhem wenje wol of wer graach nei België giet. Ierlân hat in spesjaal plakje yn syn hert, sa moat er sein hawwe dat syn hert like hurd foar Ierlân as foar Fryslân slacht. ‘Ierland laat mij niet los. Als ik er maar kom, voor ik dood ben...’, sa lit er Erna yn 1948 witte.

Yn it brief fan desimber 1948 docht er pittige útspraken, lykas ‘Friesland hou ik niet van. (...) Maar de katholieken en Friezen daar kots ik teveel van...’ Syn relaasje mei Fryslân wie dûbelsinnich. Neffens Steenmeijer-Wielenga hat er him nea rjocht thús fiele kinnen yn Fryske rûnten en wie de provinsje foar him in langstme as in ‘dream fan it ferline’. Hy



Lêswarskôging fan Rely Jorritsma op de brief. (Foto Janna Kootstra)

neamt him yn de brieven ‘in echte Fries’, mar rept ek oer ‘de eeuwige Friese verdeeldheid’ binnen skriuwers. As er slim siik is yn 1952, sykje ferskate Fryske skriuwers him wol op, sa skriuwt er.

Neist brieven bestiet de samling ek út fersen en teltsjes, dy’t oan syn muze Erna rjochte binne. Yn guon fersen sprekt er syn leafde út foar har. Hy dichtet dat er graach by har wêze wol: ‘Toen je me dat kiekje gegeven had. / O ik houd van jou, ik houd van jou. / Zoals je daar met je kleine zusje zat. / Zooveel hield ik van je, lieve vrouw.’ De teltsjes hawwe titels as ‘Van het meisje en de donkere koning’ en ‘Het sprookje van de kleine Erna’. Hy neamt har gauris keninginne, bygelyks dy fan de bergen en it wâld.

In ûnrêstich hert hie er. Der riist in byld fan in dûbelsinnige, doarmjende en keunstsinnige man dy’t bytiden fol fjoer syn muze skreau, mar de oare kears mankelyk en dimmen fan toan wie. Sa groete er Erna in kear: ‘Ik verberg mij in het kleine. Veel schuwheid van Rely.’ Yn syn lêste jierren eide er faak syn libben oer en hie er bot lêst fan multiple sclerose (ms). Begjin 1952 skreau er dat it mar net better waard en dat er hast net mear rinne koe. Op 10 augustus lokwinske er Erna mei de berte fan har soan. Op 1 oktober kaam Rely te ferstjerren. Nettsjinsteande de warskôging fan de skriuwer binne syn brieven, fersen en teltsjes no troch de skinking dochts te lêzen. ■

Nijs fan de Stifting Freonen fan Tresoar

Oprop Tresoar Fellow 2025

Tresoar en de Freonen fan Tresoar stimulearje in nije generaasje ûndersikers fan de Fryske skiednis, letterkunde en kultuer. Dêrta hawwe sy it Tresoar Fellowship ynsteld. Wolsto yn de beneaming komme foar it Fellowship 2025? Tsjinje dan foar 8 novimber 2024 dyn útstel yn. In mail kin stjoerd wurde nei info@tresoar.nl. Scan de QR-koade foar ynformaasje oer betingsten en kritearia.



Aktiviteiten

Op sneontemiddei 14 septimber is in spesjaal útstapke foar de Freonen (mei yntrodusee) nei Mantgum, nei de Seerp van Galemawei. De útnûging dêrfoar is oer de mail al oan de Freonen stjoerd. Freonen dy't gjin mail krigen hawwe, kinne maile nei info@tresoar.nl of belje mei 058-7980792 of 058-7890721 foar ynformaasje oer it oanmelden.

De hjerstlêzing fan de Freonen is op tiisdei 8 oktober om 19.30 oere. Tresoardirekteur Arjen Dijkstra hâldt yn it ramt

fan it tema fan de Maand van de Geschiedenis de lêzing 'Stjerrende wier. De mooiste vervalsingen, mystificaties en nepnieuws uit de Friese geschiedenis'.



Fellow Felix Bosch joech by de maitidslêzing fan de Freonen op 17 maaie yn De Skâns op De Gordyk in presintaasje oer syn ûndersyk nei Geert Lourens van der Zwaag. Ek gie er ûnder lieding fan Freonefoarsitter Katja Westra yn petear mei Frysk Twadde Keamerlid Aant Jelle Soepboer oer de betsjutting fan hjoeddeistige regionale polityk. (Foto's Tsjalline Idsardi)

Letterhoeke is in útjefte fan Tresoar en de Freonen fan Tresoar
Letterhoeke ferskynt trije kear yn it jier en wurdt fergees tastjoerd oan de Freonen

Letterhoeke is een uitgave van Tresoar en de Vrienden van Tresoar
Letterhoeke verschijnt drie keer per jaar en wordt gratis toegezonden aan de Vrienden

Freon wurde?
Belje mei 058-7890789 of stjoer in mail nei ynfo@tresoar.nl
De bydrage is minimaal € 25 yn it jier.
It rekkennûmer fan de Freonen is:
NL78 RABO 0335 4795 53

Vriend worden?
Bel met 058-7890789 of stuur een mail naar info@tresoar.nl
De bijdrage is minimaal € 25 per jaar.
Het rekeningnummer van de Vrienden is:
NL78 RABO 0335 4795 53

Redaksje | Redactie
Marijke de Boer (einredaksje | eindredactie),
Wieke de Haan, Linda Hoekstra, Riemer Janssen,
Ids de Jong, Janna Kootstra en Janna de Jong
(Freonen | Vrienden)





Byldmateriaal | Beeldmateriaal
John van Geffen

Foarmjouwing | Vormgeving
Richard Bos

Printwurk | Drukker
Dekker Creatieve Media & Druk

Ofbylding foarkant | Afbeelding voorkant
Brieven oan Coert van Beyma | Brieven aan Coert van Beyma. (Foto Janna Kootstra)

Tresoar
Boterhoek 1
Postbus 2637
8901 AC Ljouwert
058-7890789
info@tresoar.nl
www.tresoar.nl

 www.facebook.com/tresoar
 www.x.com/tresoar
 www.instagram.com/tresoar
 www.youtube.com/user/TresoarBoterhoek1

2024 Tresoar en de auteurs



Blokhuispoort.



Goffe Jensma.



Michel van Gent.

Els Kloek. (Foto Monique Kooijmans)



Aktiviteiten | Activiteiten

septimber | september

- 5 Silent Book Club, Kafee De Gouden Leeuw, Tresoar, 19.45 uur
- 11 Yntroduksjeles Skriuwersfakskoalle, Tresoar, 19.00 oere
- 14 Uit in Huis, aftrap culturele seizoen, Tresoar, 12.00-17.00 uur
- 14 Utstapke foar de Freonen nei Mantgum, 13.30-17.00 oere
- 19 Lunchlezing door Gerard Brattinga, 'Het verhaal van de Blokhuispoort', Tresoar, 12.30 uur
- 26 Rondleiding, ontdek de schatten van Tresoar, Tresoar, 14.00 uur
- 26 Skriuwerskafee, Kafee De Gouden Leeuw, Tresoar, 19.00 oere

oktober

- 3 Silent Book Club, Kafee De Gouden Leeuw, Tresoar, 19.45 uur
- 8 Lêzing foar de Freonen troch Arjen Dijkstra, 'Stjerrende wier', Tresoar, 19.30 oere
- 10 Maand van de Geschiedenis-lezing door Johannes Keekstra, 'François HaverSchmidt en het Oera Linda boek', Tresoar, 20.00 uur
- 17 Lunchlêzing troch Goffe Jensma, 'De Obe fan no', Tresoar, 12.30 oere
- 23 Filosofiecafé, lezingen over 'Relaties tussen René Descartes, de Franeker Universiteit en het Cartesianisme', Tresoar, 19.30 uur
- 25, 26 Oer Alles – Eppie Dam, ferskate aktiviteiten, Frjentsjer
- 31 Rondleiding, ontdek de schatten van Tresoar, Tresoar, 14.00 uur
- 31 Skriuwerskafee, Kafee De Gouden Leeuw, Tresoar, 19.00 oere

novimber | november

- 7 Silent Book Club, Kafee De Gouden Leeuw, Tresoar, 19.45 uur
- 17 Regionale bijeenkomst CABR, Tresoar, 13.30 uur
- 21 Lunchlezing door Michel van Gent, 'Simon Vestdijk en de korfbalsport', Tresoar, 12.30 uur
- 21 Filosofiecafé, lezing door Johan F. Goud, 'Wijsheid van de onzekerheid', Tresoar, 19.30 uur
- 29 Skriuwerskafee, Kafee De Gouden Leeuw, Tresoar, 19.00 oere
- 29 Rondleiding, ontdek de schatten van Tresoar, Tresoar, 14.00 uur
- 29 Symposium over Fokke Sierksma, Tresoar, 13.30 uur

desimber | december

- 3 Silent Book Club, Kafee De Gouden Leeuw, Tresoar, 19.45 uur
- 12 Skriuwerskafee, Kafee De Gouden Leeuw, Tresoar, 19.00 oere
- 12 Filosofiecafé, lezing door Jos Stollman, 'Waarom de tijd (niet) stroomt', Tresoar, 19.30 uur
- 19 Lunchlezing door Els Kloek, 'Vrouwengeschiedenis, feminisme en Geesje Feddes', Tresoar, 12.30 uur

Sjoch foar mear ynformaasje en oanmelde op: www.tresoar.nl > agenda

Kijk voor meer informatie en aanmelden op: www.tresoar.nl > agenda